



Inez Timmer komt nei de Trochreed!



Op snein 27 febrewaris komt Inez Timmer nei de Fryske Krite om 14.30 oere yn de Trochreed te Readtsjerk.

Inez Timmer, eartiids frontfrou fan de bekende Frysktalige folkgroep Irolt. Hjoeddedei ynternasjonaal musicalactrice, theatermakster en sjongeres. Sy spile yn mear as tritich musicals. Tegearre mei **Peter van der Zwaag** sil sy in programma gearstalle mei fan alles wat. Peter van der Zwaag, briljant pianist, is de fêste begelieder fan Willeke Alberti en wurke û.o. tegearre mei Liesbeth List, Robert Long en Jenny Arean. Foar dizze middei: fleurich, Frysk, Frânsk, miskien ek wat Nederlânsk der by.

De Fryske Krite hat, krekt as alle oare ferieningen, in drege tiid hân. Utsein ien moaie middei mei Grytsje Kingma wiene der gjin gearkomsten mei kultuer, sprekkers, sang en muzyk, sels ús nijjierssit gie oer. Hooplik sil it klapstik fan dit seizoen wol trochgean op 27 febrewaris. Foar dit optreden binne ek net-leden fan herte wolkom. It kostet € 15,- foar in lid en € 20,- foar ien dy't gjin lid fan ús krite is (kontant betelje, der is gjin pinapparaat) en dat is ynklusyf kofje/tee mei wat lekkers. In keapke fansels. It ienige wat jo dwaan moatte, is jo foar freed 25 febrewaris opjaan by:
Baukje Siebenga-van der Zee blierherne@upcmail.nl 058 2561353
Hedwig de Roos krite.trynwalden@gmail.com 06 54310915

FOL IS FOL!